



140526[2].FFU-fersl.

Ferslach jiergearkomste FFU, moandei 26 maaie 2014

Plak: Bleekhof 55, Ljouwert (by Klaske Straatsma-Westerhof)

Tiid: 20:00 oere

Oanwêzich: Tom Dykstra (foars.), Sytze T. Hiemstra (skr.), Ed Knotter (pongh., notulist), Klaske Straatsma-Westerhof, Jochum Meester, Sus Wassenaar, Lútsen Bakker en Eelke Goodyk.

Berjocht fan behindering: Geart Tigchelaar (muzykopnamen), Chris van Hes (skoalle), Wolter Jetten (wurk), Saapke Voolstra (skoalle), Renze Valk (rêchklachten) en Liskje Flapper.

1. Iepenjen

Foarsitter Tom Dykstra hjit elts wolkom en iepenet de gearkomste mei in ynlieding oer positive en negative ûntjouwings op it stik fan it taalûnderwiis yn it Frysk. Posityf binne û.o. it nije *Taalorgaan* (yn 't plak fan it *Konsultatyf Orgaan*) en de nije wet mei provinsjaal foech op it mêd fan it gearstallen fan kearndoelen. Negatyf binne û.o. de krimp, dy't skealik is foar de posysje fan it Frysk, en de macht fan it Ingelsk, dy't de status fan it Frysk ek tebekkringt. Der is in groetnisse ynkommen fan (âld-bestjoerslid) Thys van der Veen, dy't him mei syn oare helte yn Frankryk nei wenjen set hat.

2. Ferslach fan de jiergearkomste op 22 april 2013

Der binne in stikmannich opmerkings en fragen nei oanlieding fan it ferslach:

- *Side 1:* it publisearjen yn *oare blêden* troch de FFU komt (noch) net goed op gong troch in te min oan bestjoersleden dy't dêroan meihelpe kinne.

- *Side 3:* hoe komt it mei *trijetalige* meiwurkers op skoallen; hoe moat soks yn 'e praktyk? Komt by punt 8 op it aljemint. By it ûntwikkeljen en ynfieren fan *yntegrable* metoaden hawwe wy te krijen mei deselde problematyk. By punt 7 oer de plaknammen dielt Jochum mei dat fan 1 july ôf de Fryske gemeentenamme *De Fryske Marren* fêststiet, mar dat dy op 1 july 2015 offisjeel wizige en brûkt wurdt. Wethâlder Durks hat tasein om nij taalbelied op te stellen, ynklusyf plaknammen. De buorden sille dûbeltalich wurde, mei it Frysk boppe-oan.

Nei oanlieding fan de *yntegrable trijetalige* metoaden wurdt opmurken dat it Frysk dêryn goed syn gerak hawwe moat en dat de taal geef Standertfrysk heart te wêzen? Yn de leargongen fan de Afûk is dat net langer it gefal. De Afûk is al hiel wat jierren net noarmfêst mear en tige sleau wat de gevens fan it Frysk oanbelanget, mei as gefolch dat der min Frysk en gâns ynterferinsjes yn de learmiddels steane. De Afûk brekt dêrmei ôf wat ûnder de eardere direkteur Rindert Straatsma opboud is. Lútsen hat gjin tagong (mear) ta *eduFrysk* (Afûk), mar wol noch graach wat op it medium omsneupe, omdat er der ek gauris min Frysk tsjin komt. Hy hat de yndruk dat it op www.itnijs (Ried fan de Fryske Beweging) hieltiten better wurdt op it stik fan de taal.

Meester dielt mei dat Cor Jousma fan de *Topografyske Wurkgroep Fryslân* (TWF), de gastsprekker op ús jiergearkomste fan ferline jier, drok dwaande is mei in rjochtssaak oangeande it ferfryskjen fan de plaknammen yn de nije gemeente *Súdwest Fryslân*. Omdat de TWF gjin rjochtspersoan is en de JFM ál, skewielt de JFM him dêrby.

By in fraach oer de 'oanfalsgroep' dy't it 'Oanfalsplan Frysk' skreaun hat (2008) wurdt opmurken dat dy groep feitliken net mear bestiet, mar as dat mei it each op it nije *Taalorgaan* nedich wêze mocht, der noch wol in ferfolch komme kin troch it gearstallen fan in nije skriuwgroep om beskate aspekten fierder út te wurkjen.

It ferslach wurdt dêrnei, mei tank oan de skriuwers, fêststeld.

3. Nijsbrief/Jierferslach 2013

Ut 'e wiidweidige beskriuwing fan 'e aktiviteiten yn 2013 docht bliken dat der in protte dien is en noch te dwaan falt. Foar it stribjen nei in folweardich (ferplichte) plak fan it Frysk (as fak en as fiertaal) yn it *hiele* ûnderwiis is de *Feriening Frysk Underwiis* perfoarst noch net oerstallich. Der is gâns wurdearring foar it krewearjen fan de FFU. Mei in pear minsken is der wer hiel wat út 'e wei setten. It ferslach, wurdt mei tank oan de skriuwer, fêststeld.

4. Finânsjes

Der wurde nei oanlieding fan de finansjele stikken inkelde opmerkings makke.

Ut it oersjoch docht bliken dat de bydrage oan de *Ried fan de Fryske Beweging* oer 2012 twa kear betelle is. De ponghâlder sil mei de Ried beprate oft dêrmei de bydrage foar 2014 foldien is. Hy sil de Ried ek freegje om de donaasje (foar 2014) fan Bertus Postma nei de rekken fan de FFU oer te meitsjen. De donaasje foar 2013 stiet yn it oersjoch en in twadde skinking is dien troch Jannes van der Velde. Tige tank allegearre. Wy binne ek wiis mei in legaat fan A.G. Brouwer.

De datum 31-12-2014 (by it nije saldo) moat 31-12-2013 wêze. De post 'webhosting' jout it bedrach wer dat betelle wurde moat foar it plak op it ynternet en de post 'ûnderhâld webstek' is de fergoeding foar it wurk dat Sytze Hiemstra jr. docht om ús publikaasjes en oare stikken op it web te setten (www.frl-ffu.eu).

De kaskommisje hat ynstimd mei de boekhâlding oer it ferslachjier en de ponghâlder wurdt troch de gearkomste, mei tank, ûntlêstge. As leden foar de kaskommisje fan 2014 sille frege wurde: Koop Scholten en Jannes van der Velde.

5. It wurk en de takomst fan 'e FFU

Der wurde suggestjes dien om de FFU by in breder publyk mear sichtber en bekender te meitsjen. Dat soe faaks ek nije (jonge) bestjoersleden opsmite kinne. Sa wurdt it idee neamd om nijsgjirrige ynformaasje oer it Frysk op filmkes fêst te lizzen en bgl. op www.youtube.com te pleatsen. Henk Wolf hat dat op *eduFrysk* dien foar staveringsregels, mar dat soe foar folle mear ûnderwerpen kinne. Faaks is der in ferbining (link/skeakel) mooglik mei www.itnijs.nl. Soks betsjut lykwols in protte wurk en wa soe dat allegearre dwaan moatte? De minskkrêft ûntbrekt op it stuit.

De Fryske studinterferiening *Skonomodu* jout in bledsje út en dêr wurde ek advertinsjes yn opnommen. Sa stiet bgl. de KFFB dêryn. Soe soks foar de FFU ek net gaadlik wêze?

Sytze leit út wat bedoeld wurdt mei *yntegrale* meartalige metoaden en materialen. De FFU achtet it needsaaklik dat dy der komme foar it trijetalich ûnderwiis yn ús provinsje. Elts begrypt dat soks in soad tiid en tinkwurk kostet om ien en oar te ûntwikkeljen.

De rubryk *Taalbaas* is al in skoft út 'e LC ferdwûn en wurdt no allinnich folge troch lju dy't der niget oan hawwe en dy rubryk op www.taalbaas.nl bewust opsykje. Der steane nijsgjirrige stikjes yn geef Frysk op, mar it is min te sizzen wat it úthellet en hoe grut oft de groep leafhawwers is.

Eelke soe graach ôfprate wolle dat elts foar de kommende tiid in stikmannich nammen siket fan mooglike nije (bestjoers)leden. As wy ús dêr goed op talizze, moat it slagje om mear minsken te mobilisearjen foar de FFU.

6. Diskusje oer stellings

It hat in nuttige jûn west, ek al binne wy net oan alle punten takommen. It muoit de foarsitter dat de stellings net op it aljemint kommen binne, mar is dat slim? Bûten it bestjoer om wiene fiif leden oanwêzich en dêr binne sinfolle ideeën mei útwiksele.

7. Omfreegjen en sluten

Der wurde gjin nije punten foar it omfreegjen op it aljemint brocht en de foarsitter slút de gearkomste. Hy sprekt syn tank út oan alle oanwêzigen foar harren bydrage oan de gearkomste en winsket elts in wol thús ta.

Ed Knotter/Sytze T. Hiemstra,

25 july 2014

